

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Fokkens / Kramer  <b>Underwerp: 'Provincie wil geld kerk terug'</b>
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	De Ljouwerter krante (21, 22, 24 en 28 augustus 2019) berjochtet wiidweidich oer ûndúdlikheden rûnom it projekt mei provinsjale subysdzje foar de werbestimming fan de Adelaartsjerke yn Ljouwert. It lêste berjocht is no 'Provincie wil geld kerk terug'. Dit ropt de nedige fragen op oer de behearsking fan ynformaasje oer subysdzje-oanfragen troch de Provinsje.
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Foar hokker wurksûmheden krekt is yn 2016 in provinsjaal subysdzje útkeard oan de projektûntwikkelder S&amp;L yn ferbân mei de werbestimming fan de Adelaartsjerke? Binne dizze wurksûmheden ek oantoanber útfierd?</li><li>2. As de wurksûmheden net útfierd binne (fan in werbestimming is op dit stuit yn 2019 yn elts gefal noch gjin sprake), hoe kin it dat de Provinsje dêr pas folle letter fan op de hichte wie? Wannear wie dat krekt?</li><li>3. Wannear hat de Provinsje besletten op it jild werom te foarderjen? Wêrom wurdt it jild weromfoardere?</li><li>4. Hoe kin it dat de Provinsje 'meardere dagen' (LC 28 aug 2019) nedich wie om út te finen wat de status fan de subysdzjeoanfraach foar de Adelaartsjerke is?</li><li>5. Hoe leit de Provinsje krekt yn it subysdzjeregister (bedriuwsfiering) fêst dat in objekt of projekt dêr't subysdzje foar ferstrekt is trochferkocht wurdt oan in oare eigener? Idem dat it jild oermakke is of weromfoardere?</li><li>6. Wa is binnen it Provinsjehûs ferantwurdlik foar it byhâlden fan sokke ynformaasje? De subysdzje-ôfdieling of de beliedsynhâldlike amtner of projektlieder?</li><li>7. Hoefolle projekten / subysdzje-oanfragen binne der noch mear dêr't binnen it Provinsjehûs net daliks fan bekend is oft it jild weromfoardere wurde moat? Graach in oersjoch.</li><li>8. Hifkje jo standert by elts projekt om te sjen oft oan de betingsten foldien is? Op hokker stuit fynt soks plak? As evaluaasje efterôf of ek geandewei it projekt?</li><li>9. Op hokker punten tinke jo, mei nei oanlieding fan dizze kaus, moat it ynformaasjesysteem oer de status fan subysdzje-oanfragen ferbettere wurde? Wat hawwe jo</li></ol>

	<p>al dien om dit te bewurkmasterjen?</p> <p>10. Hawwe jo de Steaten earder ynformearre oer de Adelaartsjerke? Graach jo útlis. En as der (folle) mear gelyksoartige gefallen binne wolle jo dan de Steaten noch dit jier ynformearje wat jo dien hawwe om de ynterne systemen oan te skerpjen?</p>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	FNP, Corlienke de Jong

Datum	28 augustus 2019
-------	------------------